

It bestjoer hat op 20 april 2004 by inoar west by Gé van der Goot oan hûs om de nije wurklist wer gear te stallen. Dizze krije Jo hjirby en wy hoopje dat der foar elk wer wat by is. Fierder binne dêrneist in oantal saken besprutsen. Der is ien by dêr't wy jo omtinken foar freegje wolle. De ferhuzing nei De Raadsman mei dêr oanfêst (hiel moai) it troch inoar hegere besikersoantal jout ús grutte foldwaning. Mar ien en oar betsjut wol dat ús ûnkosten foar elke jûn (aardich) heger lizze as op it eardere plak yn De Boei. Ferline jier hawwe wy al oanjûn dat wy dit nije plak foarearst twa jier oanhâlde en graach fan jimme reaksje hawwe wolle hoe as ien en oar befalt. As wy beslute om yn De Raadsman te bliuwen soe it wol ynhâlde kinne dat de jierlykse bydrage wat omheech moat of elk soe syn eigen kofje betelje moatte. Wy soene graach fan jimme in reaksje hjirop hawwe wolle. Jo fine oan 'e ein fan dizze wurklist in strookje dêr't Jo in reaksje op kwyt kinne.

Fierder is de gearstalling fan it bestjoer net feroare. Yede vd. Veen is foarsitter, Gé van der Goot-Bangma skriuwster, Frâns Bakker ponghâlder en Anna Hemstra-de Jong en Bauke Lageveen meitsje it bestjoer folslein.

De bylage fan dit jier slut moai oan by dy fan ferline jier. Dizze kear it gebiet begrinze troch Baai, Buorren, Haadstrjitte en Âld Haven sa om 1931 hinne en beskreaun troch H.Veenstra-Boerke.

WURKLIST FOAR IT WINTERSKOFT 2003 – 2004

It plak: De boppeseal fan De Raadsman, it begjin is alle jûnen om healwei achten.

Ynformaasje : Pr. Beatrixwei 8, 9001 JM Grou , tillefoan 0566-621992

- Tongersdei 4 novimber sil Sybren van der Vlugt syn ferhaal ôfmeitsje dêr't er op de lêste jûn fan it foarige winterskoft mei opholden is. Dat wol sizze: In praatsje by in plaatsje, dêr't somtiden jimme help by nedich is.
- Tongersdei 9 desimber sille wy wer in eardere tradysje foar it fuotljocht helje, nl. it ferkrantsjen fan in âlde jiergong fan de "Frisia". Us nije man, Ype Sytema, hat der in soad nocht oan, pakt de tried op yn syn jonge jierren en set útein mei it jier 1951.
- Tongersdei 20 jannewaris hawwe wy Herman Tichelaar (fan 1950 oant 1967 skoalmaster en –haad) ree fûn oan't ferhaal te reitsjen oer syn kommen hjir te Grou, de tiid dat er oan de skoallen stien hat en wat er bûten skoalletiid allegearre by it ein hân hat.
- Tongersdei 10 maart sil Durk van der Mei ús in nije searje foto's fertoeane út syn eigen samling. In samling dy't er yn de rin fan hiel wat jierren opboud hat en Durk hat by elk plaatsje wol in eigen ferhaal.

Jo wiene op it momint fan rûnstjoeren fan de wurklist noch net lyk mei de ponghâlder oer it jier 2004. Dêrom graach Jo ynlagje (€ 6,00 foar pearen , € 3,50 foar ienbere persoanen) foar 1 oktober oerskriuwe op giro 1252971 fan de Skathâlder Stifting Grou, Hoxma 50 te Grou.

TE KEAP

By de ponghâlder binne noch in tal boeken te keap:

De Krite yn 'e kranse	S.A.Schoustra	ien euro
Trije Grouster Stúdzjes	S.A.Schoustra	ien euro
Grouster Almenak	T.B.Hoekema	trije euro
Grouster Toponymen	S.A.Schoustra/T.B.Hoekema	fiif euro
It Gild to Grou	S.A.Schoustra	fiif euro
Grou 2000	S.Douma e.o.	fiif euro

FERSLACH OER IT WINTERSKOFT 2003 – 2004

18-09 ferstoar rêstich ús âld-stiper **Jantje Eizenga-van der Pal**, widdo fan Oebele Eizenga. Yn har goede tiid in trou besykster fan ús jûnen.

03-10 wurdt oan it **Sint Piter-komitee** jildlike stipe oermakke foar de beide nije boeken oer Sint Piter en it feest dêromhinne yn febrewaris 2004.

11-10 ûntfoel ús **Gerke Binnert Hylkema** (*Grou 1 juny 1931), âld-bestjoerslid fan de Stifting. Grouster yn ieren en sinen.

30-10 De earste jûn fan it nije winterskoft. Yn syn iepeningswurd freget foarsitter Sybren H.Postma in momint stilte foar de ferstoarne Gerke Hylkema. Fierder is hy bliid dat kommesaris fan de keninginne Nijpels der net is want dan krijt er dêrfan teminsten gjin tút, want Sybren Postma nimt nammentlik dizze jûn ôfskie as foarsitter fan de Stifting nei in perioade fan likernôch 25 jier en jout de hammer oer oan Yede van der Veen (fan Wietse-Janke).

Nei it offisjele part is it wurd oan **Otto Schuurmans** dy't ús fierder ferteld út syn deiboeken dy't hy sa'n 60 jier lang byholden hat. Hy begjint dêr't er de oare kear ophouden is: 1 maaie 1945.

Hy fertelt oer it libben yn Grou fuort nei de oarlochsjierrren. Wy hearre û.o. oer de befrijing fan de Dútsers, it slim ûngelok by de fiering dêrfan, it aventoer mei syn maten by it kobbe-aaisykjen yn de Wyldlannen, de befrijingsoptocht en it feest en de spultsjes dêrnei, de earste priis by it sprytwrakseljen, de oprjochting fan Atletha, it earste skip mei hout dat wer by Halbertsma "oan de oare kant" foar de wâl komt, de earste dûnsles op de boppeseal by Van Stralen, de bysûndere trouwery fan Sjoukje van Dyk mei har Kanadees, it ôfskie fan dirigent Gorter fan it Grouster Koar, de krante "Het Parool" fan Jan Blaauw, de "zweefkip" by mear Dirksen fan SSS, it fuotbaljen mei in tennisbal op it skoalleplein, "Ome Keesje" op de radio, it Badhûs dat wer iepen giet, it hurdriden op It String ensfh. It ferhaal wurdt ôfsluten op 26 jannewaris 1946, de dei dat er ferhuzet nei Oosterbeek, dêr't heit en mem en broer Liuwe dan al in skoftsje wenje om't heit dêr wurk krigen hie.

04-12 Dizze jûn kaam oan it wurd **Anne Heidsma** dy't ús fertelt oer saken dy't hy tsjinkommen is yn de kas- en notuleboeken fan F.F.F. en as âld-bestjoerslid fan dizze feriening koe er ek út eigen ûnderfining hjiroer te set. De oprjochting wie op 4 septimber 1920 op de boppeseal fan Van Stralen en F.F.F. soe in feest organisearje moatte dat "beskaafd" bliuwe soe. Dat earste feest waard al in wike letter op 13 septimber holden op it lân fan T.P.Nijdam oan de Stasjonswei. De spultsjes dy't organisearre waarden klinke ús hjoeddedei noch bekend yn de earen: hardlopen met hindernis, kuipjessteken en mear fan soks. De prizen waarden nei ôfrin útrikke op it skoalleplein.

Weromkommend yn alle jierferslaggen fan de skriuwers is it waar (fansels wichtich by in barren dat him foar in grut part bûtendoar ôfspilet). Nammen út dit begjinskof dy't gauris op 't aljemint komme binne û.o. Jan Nicolaas Mulder, Fokke de Boer, Tjitte Visser, Freark Smit, Pieter Terpstra, Sikke Kingma.

Fansels kamen sa no en dan ek foarstellen foar nije spultsjes. Sa waard der ris in spultsje foarsteld dêr't froulju harren yn in kroade "moesten laten voortzeulen". Dit koe yn de eagen fan it bestjoer gjin genede fine, want de "overmatig zedige Grouster vrouwen" soene dit net akseptearje. Yn 1941 wurdt foar it earst it ferslach opskreaun yn it Frysk troch skriuwer Reinder de Vries. Trije kear waard der yn 1945 in feest organisearre dêr't yn septimber by de stuolledûns "het land tekort is" fanwege de grutte dielname.

Begjin fyfticher jierren kaam der nij bloed yn it bestjoer. De mannen fan de earste oere diene sa stadichoan in stapke tebek. Nammen dy't dan ferskine binne û.o. Jaap Postma, Sytse Krist, Ernst Wester, Louw Atema, Albert Oostwoud, Tinus Wester.

Sy ferskynden yn 1957 foar it earst yn it iepenbier mei in hege hoed op as teken dat sy yn it bestjoer in sit hiene. Saken dy't derby kamen wiene it matinee op de moandeitemoarn û.l.f. master Sybren de Jong. Earst by Oostergoo en letter yn de tinte. En sa is men yn de rin fan de tiid fia de Molenaarshal terjochte kommen yn de sporthal De Twine dêr't in grut part fan it merkefeest him no noch altyd ôfspilet. Oan de ein kommen fan syn ferhaal die Heidsma ús noch in moaie sizwize oan de hân: "In pappegaaï sketten", dat wol sizze in grutte flater begien.

Ut de ferhalen fan Heidsma die wol bliken dat ek dy fûgels yn de histoarje fan F.F.F. wol sketten binne mar dat der ek in soad wille belibbe is. Net allinne by de merkefierders mar ek by de bestjoersleden. Mar dit ferslach soe noch folle langer wurde as wy mar in pear fan de fiten hjir opskriuwe soene dy't Heidsma ús dizze jûn ferteld hat.

17-01 ferstjert te Ljouwert yn 'e âldens fan rom 85 jier **Feike Dokter**. De namme Dokter sil foar de measte Grousters altyd ferbûn bliuwe mei 'Logemint en Hotel Oostergoo' net tsjinsteande it feit dat it al mear as 70 jier lyn is dat de famylje it hotel dreun.

22-01 wie alwêr de tredde jûn fan dit winterskoft en alhiel ornearre foar **Jan J.de Wal**, dy't it oer Grouster skippers sa oant 1940 ta hawwe soe. Hiel wat nammen fan bûter-, modder- en turf-, stoomboat-, houtmole- en oaljemole-, fearskippers en molkfarders kamen foar it fuotljocht. Fan ferskeidene koe tagelyk in foto of aansicht toand wurde.

Nei it skoft waard der noch in kuier makke troch it doarp dêr't it stee fan in protte eardere komelkeryen oanjûn waard. Ek waarden de eardere hout- en oaljemolens en de wettermolens bûtenút in plak jûn. Oan de ein fan syn ferhaal krigen wy noch te hearren hokker spultsjes der troch Jan en syn maten yn syn jongfeintetiid sa it hiele jier troch boarte waarden en wat foar fiten der (ek doe al) úthelle waarden.

De foto's waarden troch Reinder Bouma mei help fan in kompjûter en in saneamde "beamer" op in skerm toand. Reinder is sûnt de hjerst dwaande de foto's fan de Stifting Grou safolle as mooglik op CD-rom te setten. Dat hat twa foardielen foar ús: de foto's bliuwe sa ek noch oars bewarre en kinne, troch de nijmoaderige techniken, ek ferbettere wurde. Hjirby moatte Jo tinke oan it skerper en tagelyk dúdliker meitsjen fan de foto. It leit wol yn ús bedoeling sels sa'n beamer oan te tugen.

03-02 By it begjin fan de Sint Piterbeurs wurde de nije Sint Piterboeken oanbean. Dizze boeken binne ta stân kommen mei jildlike stipe fan ûnder oaren de Stifting Grou. It moat sein wurde; de boeken kinne besjen lije.

21-02 Op dizze dei as de Grousters meast Sint Piter fiere ferstjert yn de âldens fan 94 jier, frou **E.Sjollema-de Rijk**, widdo fan Piter Sjollema, âld-direkteur fan de Provinsjale Tsjinst foar de sûnens fan fee.

25-02 ferstjert yn Erasmushiem te Ljouwert, dêr't er sûnt 1996 wenne, **Tjipke Feenstra**, krekt gjin 89 jier âld. Syn wurksame libben spile him fan 1929 oant 1947 ôf te Ljouwert. Dêrnei waard er yn 1947 beneamd ta kassier/boekhâlder by Halbertsma. Oant syn pensioen hat Feenstra dizze funksje hân. Mar wy tinke foaral oan him werom as betûft toanienspiler by It Grouster Toaniel en as sjonger by It Mingd Koar. Yn beide ferienings hat er ek bestjoerfunksjes hân. Fierder hat er him tige ynsetten foar de Herfoarme tsjerke. Wie û.o. diaken en tsjerkfâld/ponghâlder. Yndertiid mei syn frou Sietske de Vries tige trouwe besikers fan ús jûnen.

04-03 Alwer de lêste jûn fan dit winterskoft. Dizze kear is der plak ynromme foar **Sybren van der Vlugt** dy't ús, oan 'e hân fan in grut tal nije foto's út de samling fan de Stifting Grou en út it eigen besit fan Bauke Lageveen, wer in soad ferhalen oer de toande minsken en sitewaasjes opdist. Hy warskôget foarôf dat de jongsten ûnder de oanwêzigen hjir foaral binne om plaatsjes te besjen en nei ferhalen te lusterjen, om't de measte foto's (en dus ek de minsken) al wer wat âlder binne. Hjir en dêr wurdt oan in foto wat ekstra omtinken jûn troch it foarlêzen fan in gedicht. Gjin heechsteand dichtwurk, mar mear fan it nivo, sa seit Sybren, fan de eardere waachmaster Tymen Haagsma. Wy hearre û.o. gedichten fan Hoatse Kleefstra, Durk Lolkes Bouma, Jan Wester en Jochum Nieuwenhuis. De foto's wurde, lyk as de oare kear, wer presintearre troch Reinder Bouma, mei help fan syn kompjûter en beamer.

16-03 Op de noflike "rekkenjûn" fan it **Mingd Koar** waard it argyf fan it koar offisjeel oerdroegen oan de Stifting Grou yn it bywêzen fan de mannen dy't der it measte ta dien hawwe, te witten: Douwe Atema, Jehannes de Grouw en net yn it lêste plak Jehannes Brouwer.

17-03 De **Stifting Fûns Mid Fryslân** hie heard fan ús plannen ta it oantugen fan in beamer mei in skerm. It bestjoer liet ús yn in brief witte, dat sy ree wiene oan de Stifting Grou in beamer mei in skerm te skinken. Dêr hawwe wy fansels net lang oer neitocht en dit fantastyske oanbod mei graachte oannommen. De offisjele oerdracht is dien troch de hear Geart Tichelaar, direkteur fan de Fryslân Bank te Grou. Fan dit plak ôf bringe wy it Fûns Mid Fryslân nochris ús grutte tank oer.

18-04 ferstjert alhiel ûnferwachts komponist en muzykus **Cees Bylstra**. Wurke by Omrop Fryslân, skreau muzyk foar radio, tillefyzje, films en teater en wurke û.o. ek mei Rients Gratama. Hy is mar 58 jier âld wurden.

20-04 It bestjoer seit in bydrage ta oan **S.S.S.** foar it jubileum yn 2006.

IT ARGYF

Wy trune ús stipers oan om foto's, aansichten, printen, wurklisten, brieven, notuleboeken en fersen, lieten, boeken dy't te meitsjen hawwe mei of makke binne troch Grousters oan ús argyf ôf te stean of yn brûklien te jaan: serieuze brûkers sille jimme tankber wêze. Sa njonkenlytsen wreidet it argyf fan de Stifting him hieltyd fierder út. Sawol de foto- en aansichtensamling (dêrfoar kinne Jo terjochte by Bauke Lageveen) as de 'oare' samling. Foar dizze lêste samling kinne Jo ynearsten terjochte by de bibleteek yn Grou, dêr't in opjêfte fan de oanwêzige stikken te sjen is. Dêrnei kinne Jo terjochte by Frâns Bakker.